

Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 Jannewaris 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woe-ne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik "De bekroande earsteling". De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,-). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingablêd fan de Sékrite



Oprjochte 25 novimber 1971

Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens.

Jiergong 39

Nûmer 3, Jannewaris 2025

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889

RABO-bank Lelystêd

Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID

Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

 THEATER POSA

**It festjebûsteäter yn
Lelystêd foar keunst-
leafhawwers! It moe-
tingsplak foar jong en
âld, in briedplak foar
alle kulturele ynstel-
lingen fan Lelystêd en
omkriten.**

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg!?**




VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL



AG en M- en Y-dei 29 maart 2025.

Sneon 29 maart 2025 binne jimme wolkom op de
Algemeine Gearkomste en de **Moetings - en Yn-
spiraasjemiddei** fan it Keninklik Frysk Boun om
Utens . Dizze sille holden wurde by de krite Utert/
Seist yn 't Veerhuis yn Nieuwegein.



Fryske Taal ik hâld fan dy.

Dêr't de dyk foar 't lân him skammet, om't syn taal sa giet ferlern.
Dêr't de pakes en de beppes hiel grutsk prate oer harren lytsbern.
Dêr't hast elkenien it hat oer bloempap mei wat schenkstroop er dan by
Ja, dêr moatte wy pynlik sizze, 'Fryske Taal 't moat oars mei dy!'
Dêr't de ljippen net mear sjonge, om't de kieviet Fryslân fûn.
Dêr't by winter net de redens, mar de skaats wurdt ûnderbûn.
Dêr't wy net mear útfanhûzje, mar logeare, o sa blij.
En de doarren slute mei sleutels, Fryske Taal, wat deart dit my!
Lit ús tinke oan âlde tiden, doe't ús tante muoike wie.
Doe't 'tot ziens' noch net yn tel wie, mar 'oant sjen' as groet bestie.
Doe't men gier net sei, mar jarre, en men pap net iet, mar brij.
Dêr moatte wy mei ynmoed sizze: 'Fryske taal, ik hâld fan dy!'

Pieter Jan de Groot.
Ut de Ljouwerter Krante.

Ek bline minsken moatte yn ‘e taal fan it hert lêze kinne.

Yn 2024 is troch de Kommearis fan de Kening yn Fryslân Arno Brok yn Snits in nije studio iepene foar it ynsprekken fan Frysktalige boeken. Hy hat ek in Frysk gedicht ynsprutsen. It ynsprekken fan boeken makket de taal tagongklker seit Arno Brok. Nieske Hoogland (73) is ien fan de ynspreksters. Yn Snits binne dat sa’n 25 minsken. Allegeare frijwilligerswurk! It moaie fan de nije studio is dat der by it ynsprekken fan boeken gjin technikus mear oan te pas komt. Foar it ynsprekken wurdt alles op de kompjûter ynregele. Se is hiel bliid mei de nije studio fan de Christelijke Bibliotheek voor Blinden en Slechtienden (CBB). Elts jier wurde hjir sa’n 23 boeken my Fryske titels ynsprutsen op in totaal fan 800 boeken. Der sit ferskil tusken sprutsen boeken en lústerboeken. Sprutsen boeken wurde neutraal ynsprutsen, mei ien stim en net mei aparte stimmen foar de ferskate persoanaazjes. By de Bibliotheekservice Passend Lezen yn De Haach (55.000 leden) kinne de 350.000 bline en minsjende minsken yn Nederlân sa’n 1700 boeken yn de Fryske taal liene en 94.000 yn de Nederlânske taal.



CdK Arno Brok yn de gloednige opnamestudio. Foto: Niels de Vries

Ynhâld Meidielingebled:	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2024-2025 Kritenijs	4
# In smout ferhaal	5
# De Stormruiter	6
# Utnûging foar it Dreamteäter op 22 febrewaris	8
# Ferhaaltsje: ‘Keunstgebit’	10
# Fryske legende: ferhaal fan Grutte Pier	11
# Ut de Boekehoeke	13
# Ut de Itensiderij	14
# Ferslach kritegearkomste fan 23 novimber 2024	15
# Ek bline minsken moatte yn ‘e taal fan it hert lêze kinne.....	16
# Fryske taal ik hâld fan dy / Meidielings fan it Frysk Boun	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 1 maart 2025.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: *Jan Bijkerk*, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: *Jan Koopman*, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: *Luit Dijk*, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: *Yvonne Nederpel*, e-mail: yvm.nederpel@gmail.com

Lid: *Annie Noppers*, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: *Jantsje Meijer*, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: *Wytske Fransen*, e-mail: wytstra@gmail.com

Kosten: It lidmaatskip is €25,= yn’t jier / stipers €15,= yn’t jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: *Jan en Sjoerdsje Bijkerk*.

Eareleden fan de krite: *Albert Postma en Gerrit Kingma*.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste minsken,

2025 al wer: **ik winskje jimme alle goeds ta foar dit nije jier!**

It jier 2024 hawwe wy ôfsletten mei de Krystmiddei fan it sjongkoar. Omtrint 40 minsken wiene der om dit mei te meitsjen: sjongen, ferhalen en gedichten, it wie in moaie middei.

Fierder soenen wy ein novimber in optreden ha fan Noordenbos en Ko, mar om't de liedster fan it kabaret,



ûnder it autoriden nei Lelystêd net goed waard, koe dit net troch gean. Troch de goeie meiwurking fan Kevin fan teäter Posa, koenen wy in 2 oeren lange film draaie oer 'De Stormruiter'. Wêr dizze film oer giet, kinne jimme lêze op side 6 fan dit boekje.



Foar de kommende moannen hawwe wy onderwylst ek it programma rûn: Op 22 febrewaris komt It Dreamteäter út Akkrum by ús spyljen. De útnûging hjirfoar fine jimme op de siden 8 en 9. As it wer krekt sa moai wurdt as harren optreden by ús yn

2022 en 2018, no dan wurdt it wer folop genietsjen!!

Foar freedteijûn 11 april hawwe wy in toanielselskip fêstlein en wol Pro Rege út Holwert mei it stik: "Ik bin alhiel fan jo, menhear Visser". Ek in bekend toanielselskip foar ús: yn 2018 spilen sy foar ús 'In frou fan 5 miljoen'.

Oant safier efkes it werom- en foarútsjen fan ús kritegearkomsten.

Fine jimme it ek spannend mei al die oarloch? It liket hieltyd tichterby te kom-

- ◆ Sied ûnderwilens de rys neffens de oanwizings op it pak.
- ◆ Rier de aaien los yn in kom, bring it op smaak mei piper en sâlt en bak der 4 grutte, tinne aaipankoeke fan.
- ◆ Ferwaarmje in bytsje oalje yn in wok of hapkespânne en bak hjiryn de riedbakgriente. Ming der op it lêst 1 à 2 ytleppels fan de swietsoere saus trochhinne en bring de griente op smaak mei sâlt en piper.
- ◆ Lis foar it optsjinjen op elk board 1 aaipankoeke. Ferdiel hjiroer de riedbakgriente en wat saus en tear de aaipankoeke dûbeld.
- ◆ Optsjinje mei de rys en de oerbleaune saus.

Yt lekker.

Yvonne Nederpel

Ferslach fan de kritejûn fan 23 -11-2024.

Wat in moaie middei wurde moatten hie, mei it optreden fan Noordenbos & Ko mei de foarstelling "Gjin C te heech", gie spitigernôch, troch ferfelende omstannichheden, net troch. Underweis nei Lelystêd waard ien fan de spilers net goed. Gelokkich is it aardich goed ôfrûn, mar de rest fan it selskip wie net mear by steat om te spyljen en namen kontakt op mei de meidieling dat se wer ûnderweis nei hûs wiene. Om't dit op it lêste momint plakfûn, moast der gau oerlein wurde, wat no? Kevin en Rosa van Posa kamen ús te help mei de opsje om in film te presintearjen.

It waard de film "De Stormruiter", in 'weergaloos theaterspektakel'. De film giet oer de striid tsjin it wetter en it ûntstean fan it Fryske hynsterras. Tegearre mei 100 Fryske hynders fertelle topakteurs, ûnder oare Ellen ten Damme en Jelle de Jong, dit machtige ferhaal. It is in ferhaal oer ambysje, wilskrêft en de striid



tsjin de natuer en waard foar in grut part yn it Biltsk brocht. It bliek in perfekte oplossing en it "oanwêzige publyk" hat folop genoaten. Dus nettsjinsteande alle besonjes hiene wy dochs in moaie middei.

Annie Noppers

âlde Fryslân en it âlde Rome. Sa begjint dit boek, wêryn wurdt yngien op de feroaringen en it barren dat yn Fryslân plakfûn tusken 1750 en 1995.

Tweeduizend jaar geschiedenis van Friesland

De skiednis fan prehistoarje oant it ein fan de Twadde Wrâldkriich.

Dizze fjouwer boeken binne allegearre ryk yllustrearre en yn it Nederlânsk skreaun.



UT DE ITENSIDERIJ.

Aaipankoek mei swietroere saus en riedbakgriente en rys

Yngrediïnten foar 4 persoanen:

- ◆ 1 sjalot
- ◆ 3 teantsjes knyflok
- ◆ 1 blik tomatenblokjes (400 gr)
- ◆ 2 ytleppels ketjap
- ◆ 5 ytleppels jittik
- ◆ piper, sâlt
- ◆ 7 ytleppels gembersjerp (of 4 ytl. huning en 2 ytl. gembersjerp)
- ◆ 300 gr rys
- ◆ 6 aaien
- ◆ 600 gr riedbakgriente
- ◆ oalje om yn te bakken



Tameitsjen:

- ◆ Snipper de sjalot en de knyflok teantsjes. Meitsje in skeutsje oalje hjit yn in stâl-panne en fruit dêryn op middelheech fjoer de sjalot en de knyflok oant se glêzich binne.
- ◆ Foegje dêrnei de tomatenblokjes, ketjap, jittik en gembersjerp (of huning en gembersjerp) ta.
- ◆ Bring dit alles oan de soad, set dan it fjoer leech en lit it yn 20 minuten yndikje oant in sjerperige saus. Bring it op smaak mei piper en sâlt.

men.

It is krekt Kryst west, 'Frede op ierde', mar ast om dy hinne sjochst, dan is de frede fier te sykjen. Oeral yn de wrâld is oarloch en binne der konflikten. De wrâld telde ferline jier 59 konflikten, it heechste oantal sûnt 1946. It grutste part fan de konflikten spile him ôf yn Afrika. It giet om konflikten tusken twa steaten of tusken in steat en rebellegroep(en). It tal lannen wêryn't dy konflikten harren ôfspilen, naam wol ôf. Ek it tal oarlochsslachtoffers naam ôf en is nei 2022 de helte minder wurden. Dochs wie 2023 it op twa nei gewelddiedichste jier sûnt de ein fan de Kâlde Oarloch: allinnich 2021 en 2022 wiene gewelddiediger.

Sûnt 2021 binne hast 600.000 minsken omkaam yn konflikten. Dat kaam benammen troch de oarloch yn Tigray yn Etiopië, de Gaza-oarloch en de oarloch yn Oekraïne. Om't de lêste twa noch net foarby binne, wurdt ferwachte dat dit oantal yn 2024 wer heech wêze sil. Ek de oarloch yn Soedan sil hjiroan bydrage. It ôfnimmen fan it tal lannen dêr't konflikten him yn ôfspylje, is te ferklearjen trochdat de aard en kompleksiteit fan konflikten feroaret. Yn hieltyd mear lannen spylje har meardere konflikten tagelyk ôf. De kompleksiteit fan konflikten nimt ek ta trochdat der hieltyd mear konflikten binne mei mear as twa belutsen partijen. Wapene groepen, lykas IS, minge harren hieltyd faker yn al besteande konflikten. Ek wurde konflikten hieltyd ynternasjonaler trochdat ien fan de twa stridende partijen stipe krijt fan in tredde lân.

Wy sille mar hoopje dat Ruslân en Oekraïne en Iraël en Palestina sa gau mooglik om de tafel geane om fredesbesprekkingen te hâlden, de frede ôf te sprekken en harren dêr ek oan hâlde. Persoanlik sjoch ik it noch tsjuster yn, mar de hoop hjirop bliuwt fansels.



Bêste minsken, ik sjoch jimme graach op 22 febrewaris op de middei yn teäter Posa, want it Dreamteäter hat in hiele goeie resinsje!

Oant sjen!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2025-2025

DATUM	WAT KOMT DER?
22 febrewaris 2025	14:30 oere yn POSA: Dreamteäter fan Akkrum mei it stik 'STOKJES' - sjoch siden 8/9
FREED 11 april 2025 !!!	20:00 oere yn POSA: Pro Rege mei it stik : 'Ik bin alhiel fan jo, menhear Visser'

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.

By bestjoer bekende troudatums van ús leden:

Famylje Swart, op **29 april 55 jier** troude

Gerrit en Tjitske Kingma, op **21 maaie 50 jier** troude.

OPROP:

Jimme krije as leden 6 boekjes yn it winterskoft troch de brievebus of mei de post thús. Dat boekje moat fansels wol makke wurde en fold wurde mei nijsgjirrige saken. Sa't jimme wend binne, stiet der altyd in resept yn en fansels ek de boekehoeke. De lêste jierren krige ik fan Eabele moaie ferhalen oer syn kuierjen.

Ik freegje jimme as jimme ek noch saken hawwe dy't yn it boekje opnommen wurde kinne. Mooglik hawwe jimme hobby's dy't de muoite wurdich binne om te fertellen of jimme hawwe moaie ferhalen / gedichten foar ús!

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

UT DE BOEKEHOEKE.




Op de Nijjersgearkomste is der it ferhaal ferteld oer Eastergea, ien fan de dielen fan Fryslân. Foar dyjinge dy noch wat mear witte wolle oer de skiednis of oare nijsgjirrichheden wurde hjir de ûndersteande boeken besprutsen.

De 'Nieuwe Encyclopedy van Fryslân' is in ûnmisbere oanfolging yn de boekekast foar elkenien dy't gek is fan Fryslân en mear witte wol fan dizze provinsje. De 'Nije Encyclopedie' fan Fryslân is in fjouwerdieilige ensyklopedy dy't omtrint 3000 siden telt, 11.000 trefwurden befettet en goed 8 kilo weaget. De ensyklopedy stiet grôtvôl aktuele kennis oer Fryslân. Yn tsjinstelling oant wat fluch tocht wurdt by in ensyklopedy, is de 'Nieuwe Encyclopedy van Fryslân' net in stoffich boek mar ynhâldlik krekt hiel aktueel en modern foarmjûn. Kennis oer Fryslân dy't yn in soad gefallen online net te finen is.



100 jaar Friesland

Oersjoch fan wat der bard is en feroaringen dy't him yn de 20ste iuw yn Fryslân foardien hawwe.



Geschiedenis van Friesland 1750 – 1995



Skiednis fan Fryslân 1750 - 1995. Yn 1873 besocht de jonge Italjaanske skriuwer Edmondo de Amicis de provinsje Fryslân. Hy makke him by oankomst yn Harns nochal ûngerêst. Hy wie ommers bedarre yn in gebiet, dêr't in taal sprutsen waard wêrfan sels de Hollanders net in soad begrepen. Boppedat wist hy dat men yn Fryslân hast gjin Frânsk spruts. In Amsterdamske kennis hie dêrom in Fryske freon frege De Amicis op te fangen. It petear yn Harns kaam op it

histoaryske boarnen is it reuseftige swurd al sûnt 1882 yn besit fan it Fries Museum yn Ljouwert, dêr't in soad minsken it al sjen kind hawwe. It wapen is 2,13 meter lang, weaget 6,6 kilo en moast mei twa hannen hantearre wurde – dêrwei de namme *bidenhänder*. Oft it swurd echt fan Pier Gerlofs Donia west hat? Wierskynlik wol! Ut okkerdeis ûndersyk hat bliken dien dat it swurd echt út de perioade komt dêr't Grutte Pier yn libbe; sirka tusken 1480 en 1520. Ek die bliken dat it swurd echt yn de striid brûkt is. It foarwerp past presys yn de omskriuwingen fan Pier en syn swurd, dus it soe bêst kinne dat dit écht it swurd fan de leginde is.



In moai ferhaal of wier bard? De ferhalen om Grutte Pier hinne sille grif opblaasd en ferfoarme wêze troch de iuwen hinne, mar it is bewiisd dat Pier Gerlofs Donia wier bestien hat. Watst ek fan de Fries fynst, ien ding is wis: Grutte Pier hat grutte yndruk makke op de Fryske kultuer. Hjoed de dei fynst in stânbyld fan him yn syn berteplak Kimswert, syn swurd hinget yn it Fries Museum yn Ljouwert en elkenien ken wol de sin|: *'Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin, is gjin oprjochte Fries!'*

IN SMOUT FERHAAL.

Ferhaal fan Gjalt de Groot út de Doarpsbel fan Holwert.

Oanrinner op de mûne.

De Miedenpoldermûne sloech der in moai protsje wetter út. De polder stie fol wetter en der stie in moaie pûster wyn. De wjukken frieten de wyn om samar te sizzen op. De bynten yn de mûne kreaken, yn in ritmysk barren haptten de kammen fan de rêden yninoar en it wetter skeat skomjend troch de útskoat de Holwertersleat yn. In lokkich gefoel kaam oer my, ik fielde my mûnder, dat wat ik graach wêze woe.

En sa bliuwt der in lúkse auto foar de mûnepôle stean en komt der in tige flot klaaide man op puntskuontsjes op my ta tripkjen, sjaaltsje om de hals, slachje yn de rêch. Hy komt by my ûnder yn de mûne. Hy sjocht my wat meilydsum oan yn myn âld jas, in suterige skipperspet op en de leazens oan. It is wol te fernimmen, de mûne is foar him in dekoraasje fan it lânskip en ik bin it yn syn



eagen ek. Mei sa'n alles-wittende blik sjocht er om him hinne. Dan falt syn each op de einekuorren dy't ik hjir fan 't simmer yn de byntbalken opslein ha. "Waar dienen die voor?" Ik fertel dat dat einekuorren binne. "Wil een eendje daar dan een eitje in leggen?" It waard op sa'n arrogante heechhertige wize frege.

No wie der fan 't simmer by it oppakken fan de kuorren

noch in koer dêr't seis gelde aaien yn leine. Dy koer hie ik yn de mûne sa op-hongen datst der by kinst om yn te fielen, mei dy seis aaien der noch yn. Ik tocht, in kâns! Ik sei: "Wil een eendje daar een eitje in legge? Hier, moet u even in deze korf voelen". En hy fielde yn de koer. "Er liggen zes eieren in" sei er. "Klopt, drie dagen en drie nachten de deur van de molen open laten staan. Resultaat: zes eieren in de korf, hier zo in de molen". "Ken je die ete?", frege er. "Ken je die ete? Meneer, het is een delicatessse. 100% natuurlijk, in smaak niet in woorden te vangen, geen vergelijk met wat voor ei ook maar mogelijk. Nog nooit geproefd? Nou, neemt u ze maar mee als presentje van een Fryske poldermûner. Meneer, precies 6 minuten laten koken, direct afkoelen in steenkoud water, eten met een verchroomd lepeltje, beslist niet van zilver of plastic. Puntje zout er op, kleiner hapjes met een stukje Frysk roggebrood. Geniet ervan, neem de tijd, geniet ervan".

En hy sette ôf mei de seis aaien, sjaaltsje om, slachje yn de rêch, op syn puntskuontsjes op nei syn flat, seis heech yn Haarlim. En ik tocht wat heger se yn de Rânestêd yn de flat sitte, wat mear ast se wiis meitsje kinst.

De Stormruiter.



23 novimber 2024 soe it kabaretselskip Noordenbos en Ko foar ús optrede. Mar oardel oere foar harren optreden krigen wy in telefoantsje fan ien fan de froulju dat sy wer nei hûs gien, want Klaske Kingma wie net goed wurden. Sikeauto der by, en nei in hoartsje kaam sy wer by. Gelokkich is it goed ôfrûn,

want in dei letter ha ik har al wer oan de telefoon hân. Mar op sneontemiddei sieten wy dochs mei de hannen yn't hier, alhoewol dat dat by my wol wat

Fryske leginde: it ferhaal fan Grutte Pier.

Hy wie kaper, seerôver en kriichshear, mar ek frijheidsstrider en folksheld: Grutte Pier. In midsiuwske Fries, waans ûnbidige swurd yn it Fries Museum tentoansteld stiet. Syn echte namme wie Pier Gerlofs Donia: dit ferhaal fertelt hoe't er útgroeide ta de legindaryske Grutte Pier.

Pier Gerlofs Donia.

Pier Gerlofs Donia waard net berne as kriger: hy wie eins in boer út Kimswert. Mar om him hinne waaide in politike striid, dy't ek in boer as Pier net gewurde litte soe. Oan it begjin fan de 16de iuw stie Fryslân ûnder it gesach fan Georg van Saksen, mar ek Hertog Karel van Gelre woe macht oer dizze regio ha. Der ûntstie in striid tusken de twa partijen, dy't slimmer waard trochdat Van Saksen de rjochten foar it Fryske gebiet oan de greve fan Hollân ferkocht. Dat mûne út yn in gefjocht tusken Hollanners en Friezen. Fanwege de poerrazende striid yn Fryslân waard yn 1515 de pleats fan Grutte Pier yn'e brân stutsen troch de Saksers. Syn frou en meardere famyljeleden kamen om.

Dit foarfal feroare Piers libben foargoed: hy rjochte, tegearre mei lotgenoaten, de binde Arumer Zwarte Hoop op. Earst soene se stride tsjin de Saksers, letter tsjin de Hollânske oerhearskers. Pier waard oanfierder fan de seinskipluyden, seerovers dy't de iene slach nei de oare oangiene tsjin de Hollânske float. De Hollanners seagen Pier as piraat, mar foar de Friezen wie er in frijheidsheld. Troch de iuwen hinne, binne der allegearre grutte ferhalen ûntstien rûnom de Fryske kriger. Grutte Pier wie neffens de ferhalen in eangstoanjeiende strider: wol 2,15 meter lang en sa sterk dat er mei ien hân in ploech optille koe. Om freon fan fijân te ûnderskieden soe er de ferneamde sin Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin, is gjin oprjochte Fries betocht hawwe. Wa't dat net feilleas útsprekke koe, waard deade.

It swurd fan Grutte Pier.

Wa't fan Grutte Pier heard hat, hat ek fan syn swurd heard. Neffens

byleauwe fan de dykwurkers begjint tsjin Hauke en Elke te wurkjen, rabberij ferswakje har posysje en it belang fan it nije hynsteras en de dyk wurde betwivele. Der is in grutte stoarm op komst en wylst it seewetter kolket en âlt, besiket Hauke foar te kommen dat syn libbens-wurk ferlern giet. Mar dan slacht de natuer hurder werom as Hauke ea betinke kinnen hie.



Dit spektakelstik is yn 2018 yn it WTC Expo yn Ljouwert útfierd.

Jan Bijkerk.

KEUNSTGEBIT

In kennis fan my hie as kraanmasinist in putsje by in klant. Doe kaam de buorman: oft de masinist ek in beamstronk fuorthelje koe. “Dan wurdt it moarn om kofjetiid” sei de masinist. Oare moarns tocht de masinist: ik kin fuort wol nei de



minsken ta. Klear is mar klear. Om 7:00 oere ried hy al by de minsken it hiem op. It pear lei noch op bêd, mar troch it lawaai fan ‘e kraan kamen sy holder de bolder fan bêd en troch de efterdoar. De masinist seach doe noch krekt dat de man en frou elk it keunstgebit út ‘e mûle nommen en by de oare wer yn ‘e mûle dienen.

Troch Piter Visser út Terwispel.

mouite kostet. Yn oerliz met Kevin fan teäter Posa hawwe wy doe de film ‘De Stormruiter’ dellladen fan in filmwebside en dizze oan de 45 oanwêzigen sjen litten. No, al mei al wie dat in grut sukses, it wie somtiden mûsstil yn de seal. De Stormruiter is in teäterstik sûnder wjergera oer de ivige striid fan de minske tsjin it wetter, en oer de bysûndere ûnts-teansskiednis fan it unike Fryske hynsteras. De foar-



stelling De Stormruiter fertelt in beklearjend ferhaal oer wilskrêft, ambysje en de striid tsjin de natuer. De sintugen wurde oerspield mei unike ûnderfiningen! It ferhaal spilet him ôf yn 1750, yn Fryslân. Hiele húshâldingen wrotte dagen om it lêste gat yn de nije dyk op It Bilt ticht te meitsjen. Dykgreve Hauke Haien krijt in skimmelhynst dy't in sigeunerfrou him jout. De hynst wurde magyske krêften tasletten. Mei syn hynst fjouweret er oer de dyk om de dykwurkers oan te jeien, it sil net lang mear duorje of de dyk sil harren iuwenlang beskermje tsjin elke tinkbere stoarm. Underwilens brûkt Elke, Hauke's frou, de hynst om mei te fokken. De swarte neikommelingen binne yn trek



troch hiel Europa en leverje in soad jild op. De nije dyk en de hynstefokkerij sille de ynwenners fan It Bilt in soad foarspoed en wolfeart bringe! Dan keart spiti-gernôch it tij ... It

It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden út foar it bywenjen fan it toanielstik 'STOKJES' fan it DREAMTEATER fan Akkrum

op sneon 22 febrewaris 2025 om 14:30 oere yn teäter POSA.

Seal iepen om 14:00 oere

It selskip fan it Dreamteäter hat inkele jierren lyn, yn 2020, ek foar ús optreden mei it stik 'DOAZEN' en dat wie doe in grut sukses.



Stokjes, in perfekte dei!

De akteurs fan it Dreamteäter spylje op 31 jannewaris 2025 de premjêre fan alwer in eigenmakke toanielstik 'Stokjes'. In tragikomeedzje oer it libben fan alve gewoane minsken op in bysûndere dei.

"Stokjes, in perfekte dei" is in Frysk toanielstik oer in doarpsmienskip dy't gearkomt foar de begraffenis fan Kees Verheul. It ferhaal spilet him ôf yn en om de doarpskroech. By de tariedingen fan de begraffenis giet lykwols fan alles mis. As de famylje en freonen oankomme, wurdt de gearkomste al gau in bysûndere reüny dêr't lang bewarre geheimen oan it ljocht komme en âlde freonskippen op skerp set wurde.

Wylst de personaazjes wrakselje mei har eigen emoasjes en oantinkens oan Kees, ûntstiet der in bysûndere dynamyk wêrby't it ôfskied mear wurdt as in rou-gearkomste. It ferhaal ûntbleatet net allinnich geheimen, mar ek de ûnferwoestbere bân fan freonskip en famyljes yn in doarpsmienskip.

De tragikomeedzje 'Stokjes' wurdt spile troch alve akteurs fan Dreamteäter Akkrum. De rezjy is yn hannen fan regisseur Sjoerd Blom. It stik is skreaun troch Anneke Wiersma.

Sy nimme ús mei yn 'Stokjes', yn it libben fan gewoane minsken op in bysûndere dei. Stokjes 'in perfekte dei' ... Mei wa sitte jo op in stokje?

Dreamteäter Akkrum hat as doel kulturiële inisjativen yn Akkrum en Nes te nimmen, te stypjen en út te fieren. Sy organisearje kulturiële aktiviteiten en eveneminten lykas toniel- en teaterfoarstellings, festivals en film- en ferhalenjûnen. Keunst en kultuer libbet yn harren doarp en dat entûsjasme wolle sy graach fêsthâlde. Mei-inoar wolle se der fan genietsje mar se wolle ek graach dat sa folle mooglik doarpsbewenners der oan mei dogge en der diel fan út meitsje.

In dream omsette nei wurklikheid, hoe moai is dat. Dat is harren doel. Dêrfoar wolle sy harren graach ynsette. Ek it evenemint 'Meet me at the Fountain' en it 'Flowerpowerfestival' begûn mei in idee, in dream. En úteinlik waarden it beide grutte eveneminten wêr't hundertten doarpsbewenners oan meidiene en tûzenden besikers op ôf kamen. Wat in feest!